

FRYSK en FRIJ, sneon 4 oktober 1986



**Langer as ieu sieten Siegerts as
mûnders op mole „Het Lam”**

Hoe't it yn oare hoeken fan ús lân is wit ik net of sa lyk net. Mar wat Fryslân oangiet hawwe wy net te kleien oer te min boeken en boekjes oangeande it Fryske lân en it lânskip, it gea, de natoer, stêd- en doarpsmoai, skiednis, folkskunde en neam mear op. No binne der te uzes al wolris guon, dy binne fan betinken, al dat soarte fan publikaasjes bringt ús neat fierder wat de Fryske takomst oanbelanget. Of hja sizze: der wurdt safolle omtinken oan it ferline jûn om't yn it hjoed en alhiel yn'e takomst Fryslân neat gjin eigens mear hat of kriget.

Ik wit it net, mar salang at der omtinken oan it Frysk en oan Fryslân jûn is -sis mar sa'n oardelieu lang- binne der fan learde lju en ienfâldige sneupers, fan skoalmasters en prefesters, fan boeren en boargers publikaasjes yn it ljocht jûn, dy't ús fertelle oer it Fryske hjoed en dat tsjin 'e eftergrûn fan earder tiden. Nee, ik hoech gjin nammen te neamen en as it om ynstellingen te rêden is, sitte wy fansels samar by Fryske Akademy en Frysk Genoatskip, mar sûnt in moannemennich ek by in organisaasje, dy't him neamt Stifting „Monument van de maand.”

„Monument van de maand”

Nee, net yn it Frysk, mar de boekjes, dy't dizze nije en grif tydlike stifting yn it ljocht jout, binne dan ek yn foarste plak foar net-Friezen ornearre, al sille der grif ek frijwat lânslju wêze, dy't ien of mear dieltsjes oantuge, al nei't hja er niget oan of belang by hawwe. Want de opset fan dizze stifting, dy't der komme koe meidat de Provinsje likegoed as de Rabobanken yn Fryslân yn'e ponge taast hawwe, is om alle moannen (al linne by't winter net) in boekjes út te jaan, dat frjemd en eigen (mar frjemd yn it foarste plak: de net-Friezen dy't hjir by't simmer delstrieke om te sjen oft Fryslân wier-wier sa moai en sa apart is as dat de teevee harren yn it ferslach fan'e Alvestêdetocht ferdútst hat) wat fertelle en sjen litte wol oangeande bouwurken, stêden of doarpen of parten dêr fan.

Der is in redaksje gearstald fan drs. M.F.Fermo (te Grins ôfstudearre), drs. G.P.Karstkarel, H.J.Kingmans en A.Wynsma, alle trije Ljouwerters. Hja skriuwe sels ek wol, mar noegje likegoed oaren út om in boekje oer in passend ûnderwerp te skriuwen en dat wurd dan mei wat feestlike drokte ornaris oan it begjin fan'e moanne oanbean yn it plak, dêr't sa'n boekje oer giet. Elts boekje beslacht tusken de 60 en 70 siden, stiet fol mei printsjes, hat in stiif omslachje en jildt mar trije ryksdaalders, alteast at men it by de oanbieding keapet.

Ien fan dy boekjes giet oer de mûnen fan Wâldsein („De molens van Woudsend”) en wa soe dêr mear fan witte as de eardere redakteur fan it Frysk Lânboublêd en man fan „De Fryske Mole” (neffens my harket „mûne” gâns better mar toemar) A.Bokma te Wommels.

Twa Mûnen

De mûnen fan Wâldsein: meartal. Ja, der steane yn dat doarp oan'e le besuden Snits twa mûnen: in roggemûne („korenmolens”) en in houtmûne („houtzaagmolens”) en beide kinne besjen lije, want de roggemûne hie syn roeden en stelling altiten al behâlden en de houtmûne „De Jager” is in diel jierren ferlyn wer alhiel opkreeze en byholpen, wylst it geande wurk der noch alhiel yn siet, dat de roeden draaie gauris at der fan frijwilligers houtseage wurdt. Der moat hjir al efkes by sein wurde, dat net-Friezen net in bytsje der ta meiholpen hawwe en meitsje „De Jager” wer yn syn hiele hear en fear yn it súd fan it doarp ta in pronkstik fan hiele Wâldsein.

Mar no mar ris oer de oare mûne: „Het Lam”, lykas er al yn'e 18de ieu neamd waard (Fryske nammen hawwe mûnen en skippen yn it ferline nea hân, wol it my talykje). Dat er yn it lêst fan dy ieu eigendom wie fan Wiger Annes Visser -ien fan de Visser fan de ferneamde ielhannelers út de Gastmer en Heech- hoeft ús gjin nij te dwaan. De mûne waard rammers al yn 1698 neamd doe't in Dirck Tjebbes eigener waard fan ûnder oaren in „gortmeulen”. Yn 1840 waard de mûne yn 'e krante set as „een wel beklanten en aanmerkelijke vertimmerden en veel verbeterden rogge-, tarwe-, pel- en mostermolen” en sûnt de midden fan'e 19de ieu witte wy einsen alles fan it Laam ôf. Sa waard de mûne yn 1849 foar f 4.500 oankoft fan de Dútsker Carl Johan Siegert, dy't om de polityk yn Berlyn útnaaid wie en yn Fryslân in taflechts-oarde fûn.

110 jier op'e mûne

De Siegerts hawwe op'e kop ôf 110 jier de mûne harras neame kind, want yn 1959 ferkoft Karl E.H.Siegert „Het Lam” oan in Bauke Lyklema. Siegert moast de mûne kwyd fanwegen in ûngemak, dat er hân hie en dat him yn novimber 1958 oankaam. Lyklema brûkte de mûne inkeld mar as opslachplak en ûnderhâld hie er gjin botsen foar oer. Siegert soarge der lykwols foar, dat de bûtekant syn gerak krige, ek doe't de gemeente Wymbritseradiel it Laam yn 1960 oankoft foar dyselde f 4.500, dêr't de Siegerts him yn 1849 foar oantúgd hien. Mar doe doogde it ek noch net, want yn 1963 moast de warbere feriening-mei-ferkearde-namme („De Hollandsche Mo-

Om hûs en hear

len”) b. en w. meidiele, de mûne waard ferkeard, ja gefaarlik brûkt: op'e flier hiene hja âlde autobannen opslein en it stonk der ek omraken nei benzine Oft de gemeente fuort taslein hat, fernijt Bokma ús net, mar al, dat yn jannewaris 1966 de krante skreau: de gemeente hat de mûne alhiel leechhelje litten en de muorren fan binnen wytkealk. Mar de roeden koene noch altiten net draaie. Lykwols, yn 1971 kaam dat ek klear: der kaam in nije stelling omhinne en der waard in nije flecht makke („gevlucht”). In part fan de kosten leine de gemeente en goedgunders goed foar.

Frijwilligers oan'e slach

De mûne stiet der no wer kreas op, al bliuwt der oan sa'n bouwurk suver altiten wol wat te krewearjen oer. It belanget in achtkante houtene boppekruier oan, in „muontsroggemûne” mei stelling. De ûndererein is opmitsle en de kop en de romp binne mei reid dutsen. De izeren roeden binne 20 meter lang en lykas it hjit „âld-Hollânsk opgehekt”. En no't wy dôch yn Hollân sitte: de balkekonstruksje om de pelstien hinne is fan itselde slach dat oan'e Saan brûkt waard.

Bokma helleit frijwat oeral, mar dat is alle-gearre te technysk om sûnder printsjes hjir oer te nimmen. It is folle aardiger om te witten, dat „Het Lam” fan frijwillige mûnders draaiende hâlden wurdt, dat dêr twa man oer gear binne (in boeresoan út Kûbaard en in kantoarman út 'e stêd) en dat it moal yn wite pûder ôfleverde wurdt mei de namme fan de mûne der op. In laam is útskildere op it houtene boerd oer de yngong. Mei't frijwilligers ek „De Jager” betsjinje kin der wat beide mûnen oangiet praat wurde fan „in pear apart”, lykas Bokma skriuwt. En sokke „apartelingen” lykas dy fjouwer jongkeardels kinne hja yn Wâldsein (en dêr net allinne) mar wiis mei wêze.

Foto en stikje S.J. VAN DER MOLEN